

FEILICH FARRE DOCHST MEI-INOAR

FARDERS BEWARKAART




'Farre dochst Mei-inoar!' – promotor fan feiligens op it wetter – hat dizze handige fardersbewarkaart makke. Hjir binne de basisregels foar it farren op de Nederlânske farwegen op in rychje set. Wy winskje dy in soad farwille en in behâlden feart! Sjoch foar mear ynformaasje oer feilich farre op www.varendoejesamen.nl.

ALGEMIENE FARTIPS


- Feroarje net ynienen fan koers en faasje.
- Gean goed taret op reis, brûk akuele farkaarten en folgje de waarsferwachting.
- Brûk yntiids de goede navigaasjeferljochting.
- Soargje datst rûnom goed sicht hast en sjoch geregeld efterom.
- Meitsje gjin ûnnedige weachslach.
- Ankerje net by brêgen, slûzen, wurkskippen mei útsteande ankers, ûnder heechspanningskabels en yn 'e midden fan in farwetter.
- Lavearje net op drokke farrûtes en hâld de midden frij foar grutte skippen.
- Soargje datst te sjen bist foar oare skippen.
- Far alkoholfrij. De wetlike grins op it wetter leit op 0,5 promyl.
- Foar it bestjoeren fan rappe motorboaten is in farbewiis ferplichte. Dat binne alle boaten dy't hurder farre kinne as 20 km/o. De farbewiisplicht jildt ek foar net-raparrende boaten dy't langer binne as 15 meter.
- Far fluch en feilich troch brêge en slûs.
- Bliuw by fisknetten wei. Dy wurde meastal markearre troch swarte of giele flachjes.
- Swimme yn parten fan 'e farwei dy't bestimd binne foar de trochgeande feart, by brêgen, slûzen en wacht-plakken is ferbean.

BRÊGELJOCHTEN


BRÊGEN YN BEDRIUW Reade ljochten jouwe altyd oan dat it trochfarren ferbean is, as der alteast gjin ekstra giele ljochten oan binne. Dan meist der wol trochhinne.



Read boppe grien: trochfarre ferbean, mar wurdt ynkoarten tastien.




As ek giele ûndertrochfarljochten oan binne: trochfarre mei sadree'tst dat wat hichte oanbelanget dwaan kinst.




Grien: trochfarre tastien.


BRÊGEN BÛTEN BEDRIUW Dûbele reade ljochten jouwe altyd oan dat de brêge net betsjinne wurdt en dat trochfarren ferbean is, of der moatte ekstra giele ljochten oan wêze. Dan meist der wol trochhinne.




Brêge is bûten bedriuw. Trochfarren is ferbean.




Trochfarren tastien. Tink om tsjinlizzers.




Trochfarre ferbean.




Trochfarren fan tichte brêge tastien, tink om tsjinlizzers.




Trochfarren fan tichte brêge tastien, foar tsjinlizzers ferbean.



Trochfarren tichte brêge tastien, tink om tsjinlizzers.



Trochfarren tichte brêge tastien, foar tsjinlizzers ferbean.



BOEIEN EN KARDINALEN

-  Bakboardskant havenyngong mei ljocht
-  Stompe reade tonne oan rjochterwâlskant
-  Oanfoljende markearring
-  Krib- en wâlskantbeaken
-  Stompe reade tonne mei radarreflektor en ljocht
-  Skiedingstone haadfarwetter Rjochts
-  Spitse griene tonne oan lofterwâlskant
-  Krib- en wâlskantbeaken
-  Oanfoljende markearring
-  Spitse griene tonne mei radarreflektor en ljocht
-  Ôrbeakening bysûnder gebiet
-  Byinoarbûn: betsjutting as griene tonne
-  Iepen: betsjutting as reade tonne


NAVIGAASJEFERLJOCHTING




In lyts silend skip (<20 m) fiert: boardljochten by de boech (read/griene) en in hekljocht.



In lyts silend seilskip mei fiere: boardljochten en hekljocht kombinearre yn in trijekleureljocht.




In lyts motorskip (<20 m) moat fiere: boardljochten (eventueel kombinearre) en in topljocht en hekljocht (eventueel kombinearre).




In lyts troch spierkrêft fuortbewoegen skip, in lyts (<7 m en <13 km/o) motorskip en in lyts (<7 m) sylskip kinne folstean mei in wyt omskinend ljocht.



DAGTEKENS





In sylskip ûnder seil dat de motor byset, wurdt beskôge as in motorskip. It mei gjin trijekleureljocht brûke en moat oerdei in swarte kegel fiere.



In foar anker lizzend syl- of motorskip moat oerdei in swarte bol fiere.

LÛDSSEINEN

Attinsje
 Ik kin net manûvrearje
 Needsein (werhelje)  (Werhelje)
 Fersyk om in brêge iepen te dwaan
 Ik feroarje myn koers nei stjoerboard
 Ik feroarje myn koers nei bakboard
 Ik slach efterút 

WICHTICHSTE FOARRANGSREGELS

Grut (meastal beropsfeart) giet foar lyts

Dat binne meastal skippen langer as 20 meter. Dy binne beheid yn harren manoeuvres en kinne it skip net gau stillizze. Bliuw dêr by wei en far der perfoarst net foar. Sa'n soarte fan skip hat foar de boech faak in deade hoeke, wêrtroch't de skipper dy net (goed) sjen kin. Asto sels de stjoerhutte net sjen kinst, sjocht de skipper dy ek net!

Stjoerboardwâl giet foar

Op in markearre farwei, bygelyks in fargeul (reade en griene tonnen) of in natuerlike farwei (rivier/kanaal), giet dejinge dy't stiif stjoerboardwâl oanhâldt foar.

Seil giet foar spier, giet foar motor

(Lytse) sylskippen geane foar op (troch spierkrêft oandreaune) fartugen lykas roeiboaten/kano's, en dy geane wer foar op (lytse) motorskippen. Dus: seil giet foar spier, giet foar motor.

Motorskippen ûnderinoar

Fan stjoerboard kommend giet foar op iepen wetter sûnder betonning. By tsjinstelde koers wike beide út nei stjoerboard.

Sylskippen ûnderinoar


Stjoerboard wykt foar bakboard. Dat hâldt yn dat dejinge dy't syn seil oan bakboard te stean hat, foar giet op dejinge dy't syn seil oan stjoerboard te stean hat.

Loef wykt foar lij

Dy regel jildt as sylskippen inoar kruse en it seil oer deselde boech te stean hawwe. It skip dat oan 'e loefkant (wêr't de wyn weikomt) leit neffens it oare skip, moat foarrang jaan.

Mar boppe alles jildt: goed seemanskip!

Dat hâldt yn datst alles dwaan moat om te besykjen om in oanfarring foar te kommen, ek al hast foarrang.



Kardinale boeien dy't in wrak of oar obstakel markearje

FERKEARSTEKENS OP IT WETTER

FERBODSTEKENS

-  Yn-, út- of trochfarferbod
-  Farferbod, net jildend foar lyts skip sûnder motor
-  Foarbyrinne ferbean
-  Mearje en ankerje ferbean
-  Mearje en ankerje yn 20 m ferbean
-  Ferbean om te ankerjen
-  Ferbean om te mearjen
-  Ferbean om hinderlike farbewegings te meitsjen
-  Ferbean om bûten de begrinzing te farren
-  Ferbean foar motorskippen
-  Ferbean foar lytse skippen
-  Ferbean om te wetterskyen
-  Ferbean foar sylskippen
-  Ferbean foar troch spierkrêft fuortbewoegen skippen
-  Ferbean foar sylplanken
-  Ein fan 'e farwei foar rappe boaten sûnder beheining fan faasjes
-  Ferbean foar wetterscooters

GEBOODSTEKENS

-  Ferplichte farrjochting
-  Ferplichte om stjoerboardswâl oan te hâlden
-  Ferplichte om foar it boerd ho te hâlden
-  Ferplichting om 'e farfaasje te beheinen
-  Ferplichting om in lûdssein te jaan
-  Ferplichting om goed út te sjen
-  Gebod om it skipfeartferkear op it haadwetter net te hinderjen
-  Ferplichting om útfarrende skippen net te hinderjen
-  Ferplichting om út te harkjen op it marifoankanaal dat oanjûn is

OANRIKKEMANDAASJE-TEKENS

-  Oanrikkemandaasje om yn 'e oanjûne begrinzing te farren
-  Oanrikkemandaasje om te farren yn 'e rjochting dy't oanjûn is troch de pylk

BEHEININGSTEKENS

-  Beheinde wetterdjipte, evt. djipte yn sifers
-  Beheinde trochfeartichte, evt. hichte yn sifers
-  Beheinde bridte fan farwetter, evt. yn sifers
-  Farwetter leit op 12 m fan 'e wâlskant

OANWIZINGSTEKENS, BYKOMENDE TEKENS & TEKENS FAN KEUNSTWURKEN

-  Yn-, út- of trochfarren tastien
-  Heechspanningsline
-  Frijfarrende pont
-  Net-frijfarrende pont
-  Mearjen en ankerjen tastien oan 'e kant fan it boerd
-  Mearjen en ankerjen tastien oant maks. bridte yn meters
-  Ankerjen tastien oan 'e kant fan it boerd
-  Mearjen tastien oan 'e kant fan it boerd
-  Plak om te kearen
-  Haadfarwetter en njonkenfarwetter
-  Ein fan in ferbod, gebod of beheining
-  Warskôging foar útfarrende skippen
-  Drinkwetter foar skippen
-  Motorskippen tastien
-  Lytse skippen tastien
-  Wetterskyen tastien
-  Sylskippen tastien
-  Troch spierkrêft fuortbewoegen skippen tastien
-  Syl/surfplanken tastien
-  Rap farren foar lytse skippen tastien
-  Wetterscooters tastien
-  Marifoankanaal foar nautyske ynformaasje



Varen doe Je Samen!

Dizze kaart is ûntwikkele troch 'Farre dochst Mei-inoar!'. Mear ynformaasje is te finen op: www.varendoejesamen.nl. Folgje #vdjs ek fia Facebook, Twitter, YouTube en Instagram. Meld dy oan foar de nijsbrief: www.vdjs.nl/nieuws. Helje fergees in digitale Fardersbewarkaart del fia www.vdjs.nl/fardersbewarkaart.



© Farre dochst Mei-inoar!
Disclaimer: Hoewol't dizze útjefte mei de grutst mooglike soarch gearstald is, kin 'Farre dochst Mei-inoar!' gjin inkele aanspraaklikens oanfurdigje foar eventuele flaters. Do kinst gjin rjochten ûntliene oan 'e ynhold fan dizze útjefte.